



IT KEAMMERKE

(Het kamertje)

In tragikomeedzje

fan

Jacques Vriens

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IT KEAMMERKE – HET KAMERTJE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JACQUES VRIENS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2021 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

VERA van GENDEREN - 40 – 50, learkracht

ANNEKE DEUTZ - 50 – 60, learkracht

TINE de LAAT- 30 – 40, learkracht

WOUTER van VEEN - 30 – 40, direkteur

JOHAN MULLEKOM - 40 – 50, learkracht

DEKOR:

It keammerke fan in basisskoalle. De ynrjochting soe sa wêze kinne, mar in eigen ynfolling kin likegoed.

Yn it midden stiet in tafel mei fiif stuollen. Op de tafel leit in steapel paperassen. Fierder in sûkerpot en in pot mei molkpoeier foar de kofje. Der is in rût en tsjin de muorre stiet in kast mei boeken en hinget in skeve planke mei wat tiidskriften der op. Oan de muorre hinget in pripboerd mei alderhande meidielingen der op, roasters en sa. Fierder in doar en in kapstok. Yn de hoeke in lyts keukenblokje mei in kofjesetapparaat. Oan de sydkant stiet it buro fan de direkteur. Steapels paperassen en telefoan. Eventueel noch in argyfkast.

EARSTE BEDRIUW

(Vera op, hinget jas op kapstok, set grutte koer mei boadskippen op tafel. Nei de kast, set muzyk oan, set dan kofje, wylst se meisjongt mei de muzyk. Telefoan giet, nimt op)

VERA: Basisskoalle De Trijehoeke, mei Vera van Genderen. Ooch, is Marike siik? Wat sneu no. En it is altyd sa'n pittich famke. Wat hat se? Lêst fan de kiel... och en ek noch koarts. Njoggen en tritich acht. Dat is net leuk. Mar by bern rint de koarts nochal gau op. No, lit har mar lekker op bêd bliuwe mei in waarm krúkje. In wollen doek mei wat skiifkes sipel wol ek noch wol es helpe. Dat ha ik by myn man lêsten ek dien en dat hie sukses. No betterskip hear, ik sil it oan master Van Mullekom trochjaan. Dach frou De Greef. Daach! *(set fiif bekers klear op tafel. Johan op. Docht jas út, hellet krante út de âlde tas, set tas ûnder kapstok. Nei radio, set dy út. Giet wurch op in stoel sitten, sis mar syn 'eigen' stoel. Yn de rin fan it stik sil blike dat elk syn 'eigen' stoel hat. Johan teart krante iepen. Koer fan Vera stiet him foar de noas)* Sa, noch even geduld, Johan, dan krijst in lekker bakje kofje fan my. Dan kinne we der wer tsjin.

JOHAN: Vera, wêrom setsto doch altyd dy koer op tafel?

VERA: Ik sis altyd mar: kofje hâldt ús yn it ûnderwiis op fuotten.

JOHAN: Vera, dy koer...

VERA: Marike har mem belle dat se siik wie. Se hat lêst fan de kiel, njoggen en tritich acht. Dat earne bern. En it is noch wol sa'n sûn famke. Ik wit noch dat se by my yn de beukerklasse siet. It wie in echte woelwetter...

JOHAN: *(wiist op koer)* Vera...

VERA: ...mar se hat Marike lekker op bêd stoppe mei in krúkje. Ik ha mem oanrieden in wollen doek op har boarst te lizzen mei wat skiifkes sipels deryn. Doe't myn Frits lêst fan de kiel hie, holp dat ek goed.

JOHAN: Vera, ik ha gjin ferlet fan medyske ferhanneling oer de tastân fan ien fan de learlingen.

VERA: Mar it is doch ferfelend foar sa'n famke.

JOHAN: Ik tink no allinne mar: no ha ik hjoed gjin seis en tritich, mar fiif en tritich. Dat is doch in stik rêstiger, netwier.

VERA: Hè Johan, net sa somber oan de dei begjinne, hear. Wachtsje, dan krijst in lekker bakje kofje fan my. Dat docht in mins goed. (*Johan set koer op stoel, oerein, teart krante iepen op tafel, lêst. Vera jout kofje*) Moatst es sjen watfoar in leuk plakwurkje at ik betocht ha foar de beukers. We meitsje hjoed in clowntsje. (*lit grutsk foarbyld sjen*) No, wat fynst derfan?

JOHAN: (*sjocht net, seit wurch*) Leuk.

VERA: Ja, leuk hin! Sjoch, ik lit se earst it kopke, de noas, de eagen en de earen útprippe en dan moatte se alles plakke. Allinne dy noas, dat sil noch in hiel toer wurde. Dy lytskes plakke alles noch skeef.

JOHAN: No, dan mar in skeve noas. Leare se daliks dat oan elk mins wol wat mankearret.

VERA: Hoe bedoelst?

JOHAN: Skeve noazen, flapearen, skilich sjen, te koarte poatsjes, kninetosken, lytse pimel, bochel...

VERA: Hè Johan, hâld op.

JOHAN: Bern krije tsjintwurdich de kâns net mear om in gebrek te hawwen. Sa gau't blykt dat it wat oars is, wurde se nei it sikehûs sleept foar in flapear-korreksje, eachoperaasje, te koarte poatsjes langer meitsje, pimel fergrutsje...

VERA: Wolst noch in kop kofje? Dat hâldt ús yn it ûnderwiis op fuotten.

JOHAN: (*skoot de beker ta*) De heale klasse rint mei in bûgel yn de bek. At ik gymnastykles jou, moat ik se earst allegear ynsammelje. It is somtiden krekt in fytsestalling.

VERA: Johan, wat bist doch bitter de lêste tiid. Ik wit noch doe't we hjir tegearre begongen op skoalle. Do wiest ien en al entûsjasme.

JOHAN: O ja, dêr wit ik neat mear fan.

VERA: Mar Johan, sân en tweintich jier lyn wiesto doch...

JOHAN: O ja, de goede âlde tiid.

VERA: ...wiesto doch altyd ien fan de gongmakers hjir op skoalle. En wat ha we doe net lake.

JOHAN: No en of. Foaral doe't de nije direkteur beneamd wurde moast. Ik kaam net mear by fan 't laitsjen, doe't it bestjoer tsjin my sei dat it better wie dat der ien fan bûten kaam.

VERA: En do seidest lêsten noch datst bliid wiest datst gjin direkteur wurden wiest mei al dy rare regelingen fan it ministearje tsjintwurdich. En Wouter is doch in fijne direkteur. Ik fyn it sa'n leave man.

JOHAN: Dêr is dan ek alles mei sein. (*Vera rommelt wat mei it clowntsje. Johan lêst krante*) Hjir, moatst dit hearre: 'Nieuwe bezuinigingen op onderwijs'. Noch even en we moatte ús eigen kryt meinimme. O nee, dy is goed. 'Beginnende leerkrachten krijgen wel salarisverhoging'. Bespotlik, dy snotnoazen. En wy, âlde sekken, kinne op in houtsje bite.

VERA: ...op in krytsje bite. (*laket om har eigen grapke. Johan sjocht har ferheard oan, lêst wer. Wouter op, hinget jas op, rint daliks troch nei buro, hellet wat dinkjes út de tas dy't er op it buro leit*) Moarn minsken.

VERA: Moarn Wouter, goed wykein hân?

WOUTER: Hearlik. We ha lekker kuiere mei de bern en justerjûn ha we de BBQ oan hân.

JOHAN: De BBQ? Jim ite doch nooit fleis. Wat smytsto dan op dy BBQ fan dy? Maiskoekjes? Appelflappen? Amandelbroadsjes?

WOUTER: (*laket*) Nee hear, je ha tsjintwurdich fan dy hearlike grienteburgers en woarstjes fan geitetsiis.

JOHAN: Getferderry!

VERA: Kofje, Wouter?

WOUTER: Doch my mar in lekkere folle mok want...

JOHAN: ...dat hâldt ús yn it ûnderwiis op fuotten.

WOUTER: Seidest wat, Johan?

JOHAN: Nee hear, ik prate yn mysels. (*telefoan, Wouter nimt op*)

WOUTER: Basisskoalle De Trijehoeke, mei Wouter van Veen. Ja... jaja, momintsje... Vera foar dy, dyn man. (*Vera nimt oer. Wouter rommelt fierder*)

VERA: Frits, mei my... Wat? O, dy moatte yn it kelderskastke lizze. Sjoch noch mar es goed. Fierder alles goed? Moai sa, oant jûn dan... Nee, we ha noch in fergadering dus it wurdt let. Dach hûntsje, fijne dei fierder en genietsje fan dyn frijheid. Silst dat echt

dwaan? Beloofst it? Dach hûntsje. Ja, yn it kelderskastke, achter de blikken. Dach... dach... hingesto op... dach hûntsje... dach... dach... ja... ja... dach... dach... (*hieltyd sachter*) Dach... dach... dach... (*hinget op*)

JOHAN: Ha jim tsjintwurdich in hûn?

VERA: (*begrypt it net*) Hin... nee hear. Frits koe de stofsûgerpûden net fine. Hy hat it net maklik sûnt er dien krigen hat. Earst hat er noch wol sollisitearre, mar as boekhâlder fan ien en fyftich komme je net mear oan de slach. Mar no hat er 'm der by dellein en docht er it húshâlden. It giet hieltyd better, moat ik sizze. Hy lit de ierappels hast noait mear drûchsiede en hy wit no dat de bûnte wask op sechstich graden moat.

JOHAN: Hy treft it mar, dy Frits fan dy. Ien en fyftich en dan de hiele dei lekker thús sitte.

VERA: Dêr moatst net te maklik oer tinke, Johan. Yn it begjin waard hy der hiel depressyf fan, dat er gjin wurk mear hie.

JOHAN: No ik wurd der hiel depressyf fan dat ik noch **wol** wurk ha.

VERA: Mar it giet goed mei Frits de lêste tiid. No en dan is hy noch wol fertrietlik, mar hy kin der tsjintwurdich al **echt** fan genietsje at er de badkeamer in grutte beurt jout. 'Sjoch es', seit er dan, 'hoe't de tegeltsjes glimme'.

JOHAN: En no wit er ek noch wêr't de stofsûgerpûden lizze, dus no komt er grif de dei wol troch.

VERA: Grif wol, tinkst net?

JOHAN: Wis en seker. (*wylst Wouter bellet komme Anneke en Tine op mei tassen. Bekende ritueel: 'goemoarn', jas ophingje, by de tafel sitte op fêste plakje. Vera stiet daliks klear mei kofje. Anneke sjocht ergere skriften troch, harket net nei petear*)

VERA: Kofje? Dat...

JOHAN: ...hâldt ús yn it ûnderwiis op fuotten.

VERA: (*laket*) Dy gekke Johan ek altyd. Hoe wie jim wykein?

JOHAN: Noch lekker de BBQ oan hân?

TINE: Ik ha wer rûzje hân mei de buorlju.

VERA: Hè, wat ferfelend no foar dy. Litte dy dy no noait mei rêst.

TINE: Nee! Buorman hat wer trije kear op de stoepe stien. 'Buorfrou, dy soan fan dy hat wer in bal yn de tún skopt. Buorfrou, dy âldste

fan dy hat de radio te lûd stean'. Dy fint tinkt ek: 'sa'n skieden froutsje mei twa bern kin ik wol even teplak sette. Alle keardels binne gelyk.

JOHAN: Tanke Tine. Wa wit hat dy man wol in eachje op dy.

TINE: Ik moat der net oan tinke dat ik dy fetlak tusken de lekkens fine soe.

JOHAN: Atst sa dochst, komst noait wer oan de man.

TINE: Dat hoecht ek net. Ik ha myn poarsje wol hân. Dat boek ha ik al lang út. Keardels wolle altyd mar ien ding...

JOHAN: (*hâldt Vera de beker foar*) Kofje!

TINE: Neuke! (*Vera wiist nei Anneke en skodhollet dúdlik 'nee' nei Tine*) Sorry!

JOHAN: En Anneke, bist wer wat opknapt?

ANNEKE: Hin... wat?

VERA: Anneke, Johan freget oftst wer wat opknapt bist.

ANNEKE: (*noch altyd ergere blêdzjend yn skriften*) Ja hear, ik fiel my in stik better. Wer dy ferrekte gryp, witst wol. De oare kear net goed útsike, tink ik en dêrtroch kaam it wer. Jim sille it net leauwe, mar ik ha echt dagen lein te sliepen, mar no bin ik wer hielendal de âlde.

VERA: Wat fijn foar dy, Anneke!

ANNEKE: Allinne at ik dit sjoch. Ik bin der doch mar in pear wykjes út west, mar moatst sjen... sa'n knoeierij, freeslik.

TINE: No, ik fûn dat dy jongknaap dy't dy ferfong, it bêst aardich die.

JOHAN: Tine wie hielendal wei fan 'm. No Tine? Hy siet lekker strak yn de broek.

TINE: Soademiterje op!

JOHAN: Neffens my wie er homo. Hast al es wat mei in homo hân?

ANNEKE: Ik woe dat jim es opholden mei al dy fize praatsjes. Dat fyn ik sa ferfelend. Dat dogge jim de lêste tiid wol faker.

JOHAN: Hoesa fize praatsjes? Ik konstatare allinne dat dy jonge...

VERA: Doch hat Anneke gelyk. It bliuwt in probleem mei dy ynfallers. Se dogge it noait sa'tsto wolst.

JOHAN: Moat' je net siik wurde.

VERA: Hè Johan, dat moatst net size. We binne allegear wol es siik.

JOHAN: Ja, mar guon minsken...

TINE: Johan hâld op! Do kinst ien it rjocht net ûntnimme om siik te wurden. We rinne yn it ûnderwiis doch al fierste lang troch.

JOHAN: Dat is wier. Ik rin al sân en tweintich jier te lang troch.
(*telefoan, Wouter nimt op*)

TINE: Do witst wier wol wat ik bedoel, Johan. At ik ien of twa dagen yn de moanne thús bliuwe moat, kinst it ek net neilitte om kommentaar te leverjen.

JOHAN: Ja, omdat it my frjemd oankomt datsto op dyn leeftiid noch altyd ien of twa dagen yn de moanne thús bliuwe moatst.

TINE: Alle keardels binne gelyk.

JOHAN: Dat wisten we al.

WOUTER: Vera! Frits foar dy. Hy freget wêr't de spûnskes lizze.
(*Vera nimt oer. Wouter pakt in map, giet ôf*) Ik bin even nei it lokaal. Sa werom.

TINE: It giet dy neat oan wêrom't ien thús bliuwe moat. At je siik binne, bin' je siik, punt út!

VERA: Dach skat, de spûnskes lizze yn it keukenkastke...

JOHAN: Mar guon minsken binne wol hiel gau siik.

VERA: ... of oars yn it hok by de dweil.

ANNEKE: Wa bedoelst?

JOHAN: No... eh, Tine bygelyks.

TINE: Ja hear Johan. Sa kin 't wol wer foar hjoed.

ANNEKE: Bedoelst my soms, Johan? Do tinkst doch seker net dat ik it leuk fyn om thús te sitten. Ik mis de bern elke dei. Ik wit datsto sa stadichoan dyn nocht fan it ûnderwiis hast, mar foar my is it noch altyd in freugde om foar de klasse te stean, om in bân mei de bern op te bouwen, om my hielendal te jaan.

JOHAN: Fansels Anneke, do hast gelyk, it is al goed.

ANNEKE: (*giet mei in hoart oerein, senuwachtich*) Ik begryp net wêrom atsto sa tsjin my dochst.

JOHAN: Sorry, ik besocht allinne mar in grapke te meitsjen.

TINE: Krekt: hy besocht in grapke te meitsjen,

ANNEKE: Ik gean alfêst. It sil my benije hoe't it der by stiet. (*ôf*)

JOHAN: Ha mar gjin noed, dy strakke broek hat it kreas achterlitten.

VERA: Dach hûntsje, oant jûn. En goed dyn bêst dwaan, hear. Dach.. dach... dach... (*se 'daacht' noch even troch ûnder de neikommende tekst*)

TINE: Dat wie gjin leuk grapke, Johan, oer dat siik wurden.

JOHAN: Wat no! Ik ha doch sorry sein. Trouwens, Anneke is om de haverklap siik.

VERA: Se hat ek in hiel lestige groep. (*yntiid binne op de achtergrûn lûden fan bern te hearren. It lûd boazget stadichoan oan*)

JOHAN: Dan hat Anneke de lêste jierren seker allinne mar lestige groepen. (*bout nei*) 'Mar foar my is it noch altyd in freugde om foar de klasse te stean'.

TINE: Anneke hat noch altyd nocht oan har wurk. Hearst my: nocht oan har wurk. Tink es djip nei, wa wit kinst dy ergens noch heuge wat dat is.

JOHAN: 'O Tine, ik fyn it sa hearlik om my oan de bern te jaan'!

VERA: (*laket*) Gekke Johan, sa diest froeger ek altyd. Echt wier, Tine, doe koest sa mei 'm laitsje.

TINE: It is net wier.

JOHAN: Witst wat it probleem mei Anneke is: se hat oars gjinien om har oan te jaan.

TINE: Menear sil it wol even útlizze.

VERA: Nee, ik begryp bêst wat Johan bedoelt. Anneke is allinne, se is soms bêst iens... (*Anneke komt deryn*)

ANNEKE: Ferjit ik de skriften. (*pakt se*) It is wol in rommeltsje yn it lokaal, mar de groep is bliid dat ik der wer bin. Se stean al foar it rût te weauwen en te roppen. Leuk no! (*ôf*)

JOHAN: Soe se dat no net yn de gaten ha?

VERA: Wat?

JOHAN: Dat dy bern har gewoan foar de gek hâlde.

VERA: Wat dogge se?

JOHAN: It wurdt tiid dat Anneke... och, lit mar.

TINE: Nee, sis it dan?

JOHAN: Ik sei: lit mar.

TINE: It is mar goed dat menear Johan Mullekom hjir it personielsbelied net docht, oars wiene we ús leven net seker.

JOHAN: It is mar goed dat mefrou Tine de Laat hjir it personielsbelied net docht oars hie ik al lang op de dyk stien. Reden: pimel-oergeunst.

TINE: Wat bist doch in...

JOHAN: Ja, sis it dan.

TINE: Och, lit mar.

JOHAN: Nee, sis it gewoan yn dyn eigen wurden.

TINE: Ik sei: lit mar.

JOHAN: Nee, sis it no: wat bist doch in...

VERA: We ha noch fiif minuten. Wa wol der noch gau in lekker bakje kofje?

TINE: Doch mar, Vera. Do besikest it hjir teminsten noch in bytsje gesellich te hâlden.

JOHAN: Ik fyn dat ik ek freeslik myn bêst doch. Nee, tanke Vera, ik gean ek nei it lokaal.

TINE: (*tsjin Vera*) Myn groep begjint mei gymnastyk. Ik ha noch in healoerke foar mysels.

VERA: Fijn foar dy.

JOHAN: (*pakt tas, rint fuort*) Ik fyn dy nije gymjuf wol in lekker ding. Dêr soe ik wol es mei yn de ringen hingje wolle.

TINE: Sa kin 't wol wer ta foar hjoed, **master** Mullekom. Ik beklei dy bern fan dy. De hiele dei opsletten sitte mei sa'n seksist.

JOHAN: Ik beklei dy bern fan dy. Foaral de jonkjes meie wol útsjen. (*ôf*)

TINE: Sek!

VERA: Wêrom dogge jim doch altyd sa raar tsjin elkoar? Ik wit noch, doe'tst hjir krekt wiest, koene Johan en do it sa goed fine.

TINE: Ik haatsje dy keardel. Hy ferpest hjir de hiele sfear.

VERA: Dat moatst no net sizze, Tine. We moatte doch besykje it hjir in bytsje gesellich te hâlden, sa mei-elkoar. Dat hast krekt sels sein.

TINE: Och Vera...

VERA: En wat bedoelde hy no mei wat er krekt sei oer Anneke: dat it tiid waard en sa?

TINE: Hast dat dan net murken, Vera. It giet de lêste jierren hielendal net sa goed yn har groep. It is in rommeltsje. Mar dêr hoecht menear Mullekom him net mei te bemuoien.

VERA: Dêr wit ik neat fan. Anneke wie doch altyd in goede juf. Wêrom hat nooit ien dat sein?

TINE: Hast dan hielendal net troch wat hjir allegear geande is?

VERA: Wat dan?

TINE: Vera, Vera, do bist in echte skat, witst dat. No, lit es sjen watst hjoed allegear mei de groep fan doel bist.

VERA: Wy sille in clowntsje meitsje. Ik lit se earst it holtsje, de noas, de eagen en de earen útrippe en dan moatte se alles plakke. Leuk hin!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto